

Gearfetting

Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer

2024 - 2028

Foto: Natalia Balanina



Ministerie van Binnenlandse Zaken en
Koninkrijksrelaties

provinsje fryslân
provincie fryslân 

Gearfetting BFTK

Al iuwenlang wurdt der yn Fryslân, en fier dêrbûten, Frysk praat. En noch altyd brûkt in romme mearderheid fan de ynwenners fan Fryslân it Frysk alle dagen. As sprektaal thús, op skoalle, op it wurk en op sosjale media. Hielendal fansels giet soks net. It Frysk stiet al iuwenlang ûnder druk fan it Nederlânsk, en ek hieltyd mear fan it Ingelsk. Foar it behâld fan it Frysk is net allinnich it aktyf brûken fan de Friezen sels nedich, mar ek stipe fan de oerheid. Dêrom meitsje Ryk en Provinsje alle fiif jier nije ôfspraken oer it Frysk yn de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (ôfkoarte BFTK).

Oarsprong fan de BFTK

Twa ynternasjonale ferdraggen en de Wet gebrûk Fryske taal foarmje de basis foar de BFTK. It Ryk tekene yn 1996 diel II en III fan it Europeeske Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden. Dêrmei hat it Frysk de heechste beskerme status. Foar it Frysk hat de oerheid 48 artikels ratifisearre. Dat wol sizze dat it tasein hat op dy gebieten it Frysk beskermje en befoarderje te sullen. Tink oan ûnderwiis yn en oer it Frysk, it Frysk prate kinnen mei oerheidsynstânsjes en yn de rjochtbank. Ek it fasilitearjen en befoarderjen fan it brûken fan Frysk yn 'e media, yn literatuer en kultuer falle dêrûnder. Yn 2005 folge it Ramtferdrach foar de beskerming fan nasjonale minderheden. Op 1 jannewaris 2014 is de Wet gebrûk Fryske taal yngien. Mei dy wet is it Frysk erkend as offisjele taal yn de provinsje Fryslân, njonken it Nederlânsk. Yn de Wet gebrûk Fryske taal stiet dat it Ryk en de provinsje Fryslân in mienskiplike ferantwurdlikens en soarchplicht hawwe foar de Fryske taal en kultuer, en dat se geregeld bestjoersôfspraken meitsje om fêst te lizzen hoe't se soks mei-inoar realisearje kinne.

BFTK 2024-2028: taalfitaliteit as basis

Op 8 april 2024 is de sechsde Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2024-2028 yngien. Yn de BFTK 2024-2028 stiet hokker ôfspraken Ryk en Provinsje foar de kommende fiif jier oangien binne foar de Fryske taal en kultuer. De nije bestjoersôfspraak is om it taalfitaliteitsmodel fan Unesco hinne boud. Unesco ûnderskiedt njoggen pylders dy't fan belang binne foar taalfitaliteit; fan taaloerdracht, oantal sprekkers en taalhâlding fan oerheid en sprekkers oant de beskikberens fan ûnderwiismateriaal en goede taalhelpmiddels lykas (digitale) wurdboeken en oersetprogramma's. Dy pylders binne ferlykber mei de woartels fan in beam. Der is in netwurk oan sterke woartels nedich om in beam fitaal te hâlden en goed groeie te litten, sa ek by talen lykas it Frysk.

Prioriteiten BFTK 2024-2028

De Twadde Keamer hat de regearing mei twa twaminutendebatten yn 2022 en 2024, in rûnetafelpetear yn 2023 en in tweintichtal moasjes frege om de ambysje foar de nije en folgjende bestjoersôfspraken te ferheegjen. Nei

Samenvatting BFTK

Al eeuwenlang wordt er in Fryslân, en ver daarbuiten, Fries gesproken. En nog steeds gebruikt een ruime meerderheid van de inwoners van Fryslân het Fries dagelijks. Als spreektaal thuis, op school, het werk en op sociale media. Helemaal vanzelf gaat dat niet. Het Fries staat al eeuwenlang onder druk van het Nederlands, en ook steeds meer van het Engels. Voor het behoud van het Fries is niet alleen actief gebruik van de Friezen zelf nodig, maar ook steun van de overheid. Daarom maken Rijk en Provincie iedere vijf jaar nieuwe afspraken over het Fries in de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (afgekort BFTK).

Oorsprong van de BFTK

Twee internationale verdragen en de Wet gebruik Friese taal vormen de basis voor de BFTK. Het Rijk tekende in 1996 deel II en III van het Europees Handvest voor regionale talen of talen van minderheden. Daarmee geniet het Fries de hoogste beschermde status. Voor het Fries heeft de overheid 48 artikelen geratificeerd. Dat wil zeggen dat het heeft toegezegd op die gebieden het Fries te zullen beschermen en bevorderen. Denk aan onderwijs in en over het Fries, het kunnen spreken van Fries met overheidsinstanties en in de rechtbank. Ook het faciliteren en bevorderen van het gebruiken van Fries in de media, in literatuur en cultuur vallen eronder. In 2005 volgde het Kaderverdrag voor de bescherming van nationale minderheden. Op 1 januari 2014 is de Wet gebruik Friese taal in werking getreden. Met deze wet is het Fries erkend als officiële taal in de provincie Fryslân, naast het Nederlands. In de Wet gebruik Friese taal staat dat het Rijk en de provincie Fryslân een gezamenlijke verantwoordelijkheid en zorgplicht hebben voor de Friese taal en cultuur, en dat ze terugkerende bestuursafspraken maken om vast te leggen hoe ze dat samen kunnen realiseren.

BFTK 2024-2028: taalvitaliteit als basis

Op 8 april 2024 is de zesde Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2024-2028 van kracht geworden. In de BFTK 2024-2028 staat welke afspraken Rijk en Provincie voor de komende vijf jaar zijn aangegaan voor de Friese taal en cultuur. De nieuwe bestuursafpraak is gebouwd rondom het taalvitaliteitsmodel van Unesco. Unesco onderscheidt negen pijlers die van belang zijn voor taalvitaliteit; van taaloverdracht, aantal sprekers en taalhouding van overheid en sprekers tot de beschikbaarheid van onderwijsmateriaal en goede taalhelpmiddelen zoals (digitale) woordenboeken en vertaalprogramma's. Die pijlers zijn vergelijkbaar met de wortels van een boom. Er is een netwerk aan sterke wortels nodig om een boom vitaal te houden en goed te laten groeien, net als bij talen zoals het Fries.

Prioriteiten BFTK 2024-2028

De Tweede Kamer heeft de regering door middel van twee tweeminutendebatten in 2022 en 2024, een ronde-

oanlieding fan dat fersyk hawwe Ryk en Provinsje op grûn fan it taalfitaliteitsmodel fan Unesco fiif prioriteiten oanwiisd foar de BFTK 2024-2028: (1) sichtberens, (2) digitalisearring, (3) ûnderwiis en ûndersyk, (4) taaloerdracht, en (5) desintraal taalbelied.

1. Sichtberens

Op fersyk fan de Twadde Keamer binne yn it Sichtberensakkoart Fryske Taal (2022) ôfspraken makke oer it fergrutsjen fan de sichtberens fan it Frysk yn de iepenbiere romte. In lykweardich brûken fan it Frysk fersterket de maatskiplike posysje fan it Frysk en fergruttet ek de needsaak om de taal te learen. De ôfspraken út it Sichtberensakkoart binne yntegraal oernommen yn de nije BFTK. De kommende jierren sille jo dus hieltyd mear Frysk op strjitte tsjinkomme.

Foar de jongerein is it wichtich dat dy it Frysk op in oansprekkende manier tsjinkomt. Dêrom is der yn dizze bestjoersôfspraak ek in soad omtinken foar nije foarmen fan literatuer, kultuer en podiumkeunsten, sawol on- as offline. Dêrmei is it Frysk better sichtber op dy plakken dêr't de jongerein is en dêr't dy him uteret, sadat dy him ek frijer fiele sil om it Frysk te brûken en de taal te ferrykjen.

2. Digitalisearring

De tanimmende digitalisearring fan de mienskip en de yntroduksje fan keunstmjittige yntelliginsje soargje foar nije útdagingen en kânsen foar lytsere talen as it Frysk. It is wichtich dat it Frysk yn alle domeinen brûkt wurde kin en oanmoedige wurdt. Sawol yn it 'analoge' libben as digitaal. Ryk en Provinsje prate dêrom yn dizze bestjoersôfspraak ôf it Frysk de kommende fiif jier mei te nimmen yn it ûndersyk nei en it ûntwikkeljen fan digitale tapassingen en keunstmjittige yntelliginsje dy't ferbân hawwe mei it brûken fan de Nederlânske taal.

3. Underwiis en ûndersyk

Underwiis hat as wichtige taak om bern en jongerein taalfearnich te meitsjen. Yn Fryslân jildt dat njonken it Nederlânsk ek foar it Frysk. Mei Taalplan Frysk 2030 wurdt der yn gearwurking mei in oantal ûnderwiisinstellingen yn Fryslân wurke oan de doelstelling dat yn 2030 alle skoallen yn it Fryske taalgebiet Frysk oanbiede. Dêrtroch krije alle bern yn Fryslân de kâns om Frysk te learen. De tanimmende ûntlêzing is in grutte soarch yn en bûten Fryslân. Yn de perioade fan dizze BFTK wolle wy Fryslân ûntwikkelje ta de topregio wat ûndersyk en yntervinsjes oanbelanget om de lêswille en it taalnivo te fergrutsjen. Om dat te berikken wurdt der û.o. ekstra ynvestearre yn it primêr en fuortset ûnderwiis, en wurdt it oprjochtsjen fan in praktoraat Friese taal en geletterdheid in een meertalige context op mbû-ynstelling Firda troch it Ryk stipe. Dêrneist wurdt der wurke oan it opstarten fan in folweardige en duorsume bacheloropleiding Fryske taal en kultuer en

tafelgesprek in 2023 en een twintigtal moties gevraagd om de ambitie voor de nieuwe en volgende bestuursafspraken te verhogen. Naar aanleiding van dit verzoek hebben Rijk en Provincie op basis van het taalvitaliteitsmodel van Unesco vijf prioriteiten aangewezen voor de BFTK 2024-2028: (1) zichtbaarheid, (2) digitalisering, (3) onderwijs en onderzoek, (4) taaloverdracht, en (5) decentraal taalbeleid.

1. Zichtbaarheid

Op verzoek van de Tweede Kamer zijn in het Zichtbaarheidsakkoord Friese Taal (2022) afspraken gemaakt over het vergroten van de zichtbaarheid van het Fries in de openbare ruimte. Een gelijkwaardig gebruik van het Fries versterkt de maatschappelijke positie van het Fries en vergroot ook de noodzaak de taal te leren. De afspraken uit het Zichtbaarheidsakkoord zijn integraal overgenomen in de nieuwe BFTK. De komende jaren zult u dus steeds meer Fries op straat tegenkomen.

Voor jongeren is het belangrijk dat ze het Fries op een aansprekende manier tegenkomen. Daarom is er in deze bestuursafpraak ook volop aandacht voor nieuwe vormen van literatuur, cultuur, podiumkunsten, zowel on- als offline. Daarmee is het Fries beter zichtbaar op die plekken waar jongeren zijn en waar ze zich uiten, zodat jongeren zich ook vrijer gaan voelen om het Fries te gebruiken en de taal te verrijken.

2. Digitalisering

De toenemende digitalisering van de samenleving en de introductie van kunstmatige intelligentie zorgen voor nieuwe uitdagingen en kansen voor kleinere talen als het Fries. Het is belangrijk dat het Fries in alle domeinen kan worden gebruikt en wordt aangemoedigd. Zowel in het 'analoge' leven als digitaal. Rijk en Provincie spreken daarom in deze bestuursafpraak af het Fries de komende vijf jaar mee te nemen in het onderzoek naar en het ontwikkelen van digitale toepassingen en kunstmatige intelligentie die betrekking hebben op het gebruik van de Nederlandse taal.

3. Onderwijs en onderzoek

Onderwijs heeft als belangrijke taak om kinderen en jongeren taalvaardig te maken. In Fryslân geldt dat naast het Nederlands ook voor het Fries. Met Taalplan Frysk 2030 wordt er in samenwerking met een aantal onderwijsinstellingen in Fryslân gewerkt aan de doelstelling dat in 2030 alle scholen in het Fries taalgebied Fries aanbieden. Daardoor krijgen alle kinderen in Fryslân de kans om Fries te leren. De toenemende ontleding is een grote zorg binnen en buiten Fryslân. Gedurende de periode van deze BFTK willen we Fryslân ontwikkelen tot de topregio wat betreft onderzoek en interventies om het leesplezier en -niveau te vergroten. Om dat te bereiken wordt er o.a. extra geïnvesteerd in het primair en voortgezet onderwijs, en wordt het oprichten van een practoraat Friese taal en geletterdheid in een meertalige con-

begjint Hegeskoalle NHL Stenden mei stipe fan Provinsje en Ryk mei in minor Frysktalige sjoernalistyk sadat der yn de takomst foldwaande sjoernalisten bliuwe dy't goed Frysk prate en skriuwe kinne.

4. Taaloerdracht

De oerdracht fan it Frysk tusken generaasjes stiet ûnder druk. It oandiel âlden dat Frysk mei harren bern praat nimt hiel stadich ôf. Dêrneist docht bliken dat bern troch de dominante posysje fan it Nederlânsk yn it ûnderwiis it Frysk minder aktyf brûke. Dêr is mear ûndersyk oer nedich en de ûntwikkeling fan yntervinsjes om dy delgeande trend tsjin te gean. Dêrom is der yn de tiid fan it oangean fan dizze bestjoersôfspraak wilens mei in grut ûndersyk oer taaloerdracht tusken generaasjes úteinset.

Ek de (nije) ynweners fan Fryslân dy't (noch) gjin Frysk prate wurde oanmoedige om it Frysk te learen. Troch ôfspraken mei gemeenten, de ûntwikkeling fan ynnovative learmetoaden en it oanbieden fan ferskate mooglikheden om it Frysk te learen wol de provinsje dy doelgroep oemarmje. Ut dy doelgroep sels wei is dêr ek ferlet fan. Troch it Frysk praten en ferstean te learen, wurdt de yntegraasje yn de Fryske mienskip makliker makke en ferrike

5. Desintraal taalbelied

Elkenien yn Fryslân hat it rjocht om yn it Frysk kommunisearje te kinnen mei de oerheid. Dêrom is it wichtich dat ek by gemeenten en ryksútfieringstsjinsten lykas de belestingstsjinst, Wetterskip Fryslân en Feilichheidsregio Fryslân, it Frysk taalbelied fierder fuortsterke wurdt. De Provinsje en de Afûk sille de ryksútfieringstsjinsten hjirby stypje. Gemeenten sille help krije fan in meartalichheidskoördinator. In meartalichheidskoördinator is in spin yn it reach om gemeenten, (taal)organisaasjes en ynweners te ferbinen.

Mear witte?

Binne jo nei it lêzen fan dizze gearfetting benijd wurden nei wat Ryk en provinsje de kommende fiif jier noch mear fan doel binne te dwaan om de Fryske taal en kultuer te beskermjen en te befoarderjen, en hokker rol jo dêr sels yn spylje kinne? Wy nûgje jo fan herten út de hiele BFTK te scannen, te lêzen of troch te spitten. Wy binne benijd nei jo reaksje!

text op mbo-instelling Firda door het Rijk ondersteund. Daarnaast wordt er gewerkt aan het opstarten van een volwaardige en duurzame bacheloropleiding Friese taal en cultuur en gaat NHL Stenden Hogeschool met steun van provincie en Rijk met een minor Friestalige journalistiek zodat er in de toekomst voldoende journalisten blijven die goed Fries kunnen spreken en schrijven.

4. Taaloverdracht

De overdracht van het Fries tussen generaties staat onder druk. Het aandeel ouders dat Fries spreekt met hun kinderen neemt heel langzaam af. Daarnaast blijkt dat kinderen door de dominante positie van het Nederlands in het onderwijs het Fries minder actief gebruiken. Hierover is meer onderzoek nodig en de ontwikkeling van interventies om deze neerwaartse trend tegen te gaan. Daarom is er ten tijde van het aangaan van deze bestuursafpraak een groot onderzoek opgestart over taaloverdracht tussen generaties.

Ook de (nieuwe) inwoners van Fryslân die (nog) geen Fries spreken worden aangemoedigd om het Fries te leren. Door afspraken met gemeenten, de ontwikkeling van innovatieve leermethodes en het aanbieden van diverse mogelijkheden om het Fries te leren wil de provincie deze doelgroep omarmen. Vanuit die doelgroep zelf is daar ook behoefte aan. Door het Fries te leren spreken en verstaan, wordt de integratie in de Friese samenleving vergemakkelijkt en verrijkt.

5. Decentraal taalbeleid

Iedereen in Fryslân heeft het recht om in het Fries te kunnen communiceren met de overheid. Daarom is het belangrijk dat ook bij gemeenten en rijksuitvoeringsdiensten zoals de belastingdienst, Wetterskip Fryslân en Veiligheidsregio Fryslân, het Fries taalbeleid verder wordt versterkt. De provincie en de Afûk zullen de rijksuitvoeringsdiensten hierbij ondersteunen. Gemeenten zullen hulp krijgen van een meertaligheidscoördinator. Een meertaligheidscoördinator is een spin in het web om gemeenten, (taal)organisaties en inwoners te verbinden.

Meer weten?

Bent u na het lezen van deze samenvatting nieuwsgierig geworden naar wat Rijk en provincie de komende vijf jaar nog meer van plan zijn te gaan doen om de Friese taal en cultuur te beschermen en bevorderen, en welke rol u daar zelf in kunt spelen? Wij nodigen u van harte uit de gehele BFTK te scannen, lezen of doorspitten. Wij zijn benieuwd naar uw reactie!

